

Geoffrey Chaucer (sa. 1343-1400): The Canterbury Tales – Kenterboarger Teltsjes

- Oersetting út it Midingelsk wei yn it Frysk: Klaas Bruinsma
- Omstaverjen, digitalisearjen en publikaasje op it ynternet: drs. Sytze T. Hiemstra, Drachten
© Klaas Bruinsma, Drachten, 2018



It Teltsje fan de Heareboer ('The Franklin's Tale')

Oanrin ta it Teltsje fan de Heareboer (The Franklin's Prologue)

De âlde, nomm'le Britten² yn har tiid
makken oer aventoeren mannich liet,
berime yn har Britske taal en tonge.
Dy waarden by har ynstruminten songen
5 of foardroegen foar harren will' en nocht.
Wel, ien dêrfan haw ik yn 't sin my brocht.
Dat sil 'k sa goed fertelle as ik kin.
Hearen, om't ik in sljochtwei man mar bin,
wol ik, ear't ik begjin, earst freegj' oan jimme,
10 myn rûge taal my net kwea-ôf te nimmen.
Ik ha retoarika³ nea leard, foarwis.
Dat is sljocht en simpel wat ik sis.
Ik haw nea sliapt op de Parnassus-top⁴
En naam fan Marcus Cicero⁵ neat op.
15 Kleuren⁶ ken 'k net; as ik dus ea wat sierde,
is 't mei de kleuren fan de blommemiede
of dy't hja brûke foar in skilderij.
Kleuren fan retoaryk binn' frjemd foar mij.
Myn geast hat gjin gefoel foar sa'n matearje.

¹ In *franklin* is ôflaat fan 'frankeleyn' en betsjut: frije man; yn de 14^{de} en 15^{de} iuw slacht it op in lâneigener, frijberne mar net fan adel.

² *Kelten* yn Bretanje en Grut-Brittanje

³ *Retoarika* is redenrikens, de keunst om oaren te oertsjûgjen; de *Retorica* is in Âldgrykske ferhanneling, skreaun troch Aristoteles yn de 4^{de} iuw f.Kr.

⁴ De *Parnassus* (Âldgrysk: Parnassos) is in hillige berch yn Sintraal-Grikelân wijd oan Apollon en is it wenstee fan de Muzen.

⁵ *Marcus Tullius Cicero* (106-43 f.Kr.), Romeinsk steatsman en reedner.

⁶ Retoaryske helpmiddels brûke om it sa moai en goed mooglik te sizzen.

20 Mar wolle jim 't, jim kinn' myn teltsje heare.

It Teltsje fan de Heareboer (The Franklin's Tale)

Yn Armorika⁷, neamd Bretanje⁸, wie
 in ridder, dy't út leafde muoite die
 en tsjinje op syn bêst d' oanbidden faam
 Mannige taak en arbeid ûndernaam
 25 hy foar syn leaf; hja liet har net licht winne.
 Hja wie ien fan de tsjepsten ûnder sinne,
 en dêrta wie hja út sa'n heech skaai berne,
 hy doarst út bangens amper har bekenne
 syn leafdesmert, syn pine en syn need.
 30 Mar op it lêst hie hja om't weardich leed,
 benammen om syn dimmen hearrichheid,
 sok in begrutsjen mei syn pynlik pleit,
 dat yn 't geheim hja ree wie ta te stimmen
 en him as man en húshear oan te nimmen,
 35 sa't manlj' oer harren froulj' as hear gebiede.
 Mar om noch lokkiger bestean te lieden
 woe hy út frije wil as ridder swarre:
 nea yn syn hiele libben soe it barre,
 dat hy syn hearskippij misbrûkt' yndied
 40 en tsjin har wollen oergeunst blike liet,
 mar hearrich har wil folgje, ier en let,
 lykas in minner foar in dam' oer heart.
 Allinne wied er soeverein yn namme,
 dat hy him foar syn ridderskip net skamme.
 45 Hja tanke 'm en mei hiel dimmen beskeid
 sei hja: "Hear, jo woll' yn jo hoflikheid
 my sok in romme, frije leie jaan.
 Mei God ferhoedzje, dat tusken ús twaen
 troch myn skuld ea getsier ûntstiet of skeel.
 50 Ik wol jo needrich, trou wiif wêz' alheel.
 Myn wurd fan ear' oant myn hert brekt op 't lêst."
 Sa libben hja no beid' yn fred' en rêst.
 Want ien ding doar ik feilich sizze, hearen:
 minners, dy ha elkoarren skiklik t' earjen,
 55 wolle hja selskip hâlde libbenslang.
 Leafde lit har net twinge troch in twang.
 By twingen giet mei-ien de Leafdegod
 op wjokken en farwol – dan is er fuort!
 De leafde is in saak fan frije geast.
 60 Natoerlik winskje froulju frijheid 't meast:
 hja woll' net twongen wurd' as slaveskaai.
 Manjl' ek net, as 'k de wierheid sizze mei.
 Sjoch: wa't yn leafde 't meast ferduldich is,

⁷ Ar = oan, mor = see: oan see.

⁸ Bretagne (Bretanje), in skiereilân yn Noardwest-Frankryk

- Hat fierwei 't grutste foardiel, dat is wis.
 65 Geduld moat men as hege deugd wurdearje,
 want it oerwint, sa't learde lju ferklearje,
 dingen dy't twang en strangens nea oerwinne.
 Men kin net elts wurd lekj' of dêroer stinne
 Lear duldsomens en oars, ik sis de wet,
 70 sill' jo 't wol leare, as jo 't woll' of net.
 Yn dizze wrâld is nimmen – ding dat wis is –
 dy't op in stuit net seit of docht wat mis is.
 Wrok, sykte of in aaklik needlot⁹ binne 't
 mei wyn of smert of oar temperamint¹⁰
 75 dy litte faak jin wol misdwaan of sprekke.
 Men kin dochs net oer alle kwea jin wrekke.
 En eltsenien dy't tûk is yn 't bewâlden
 moat neffens tiid en tastân mjitte hâlde.¹¹
 Dus hat dy wize ridder yn dat witten
 80 ta noflik libjen har geduld ûnthjitten.
 En hja belies him mei wis swarren ek,
 hy soe yn har nea fine lek en brek.
 Ta needrich wiis akkoart wienen hja kommen.
 Sa hie hja ta har feint en hear him nommen:
 85 feint yn de leafd' en hear yn 't houlikslok.
 Sa wied er wol sawol hear as slaaf yn 't jok.
 Slaaf? Ja, mar ien dy't teffens hearsker wie,
 om't hy syn dame én syn leafste hie.
 Syn dame hied er en syn wiif, foarwis,
 90 lykas it nei de wet fan leafde is.
 En yn dy lokkige en tier'ge stân
 gong hy mei 't wiif nei hûs yn eigen lân.
 Net fier fan Penmarch¹² dêr't syn wente wier,
 dêr libben hja yn blidens en plezier.
 95 Wa dy't net troud is, soe jo sizze kinne
 de blidens en de nocht en tier, dy't binne
 tusken man en syn frou yn 't houliksjok?
 In jier wol duorre dat bestean yn lok,
 oant dat de ridder dy't 'k jim witte liet
 100 en dy't Arvéragus¹³ fan Kêr-rud¹⁴ hiet,
 ferteach en bliuwe woe in jier of twa
 yn Ingelân-Bretanje¹⁵ neamd lyksa,
 dat wapenear' en rom hy dêr bestribbe,
 want yn sok wrotten wie syn lust en libben.
 105 Hy bleau dêr twa jier, seit it boek my dus.

* * *

⁹ *Constellacioun* = fate; letterlik: de stjerrehimel, it stjerte.

¹⁰ *Complexioun* is it lykwicht fan de lichemssoppen (hyt, kâld, fochtich, drûch) dat jins temperamint foarmet.

¹¹ *Governnaunce*, foarsafier't de situaasje dat talit, moat men selsbehearsking en reedlikens opbringe.

¹² *Pedmark* = Penmarch, it uterste westen fan *Bretagne* mei in rostkost.

¹³ *Arvéragus* is in ferlatinisearre Keltyske namme.

¹⁴ *Kairrud* is in doarp (departemint fan Finisterre); *kerruzj* = read hûs.

¹⁵ *Grut-Brittannië*, it lân fan de Britten = Kelten.

- No hâld ik op mei dy Arevéragus.
 'k Wol sprekke no fan Dorigen, syn wiif,
 Dy't har man leave as har hert en liif.
 Om syn ôfwêzen skriemde hja en klage,
 110 sa't eale froulju dogge, as 't har hage.
 Rouje en wekj' en skriem' en fêstje die hja.
 Ferlangst nei syn bywêzen stiek har sa,
 dat hiel de wide wrâld achte hja net.
 Har freonen wisten fan har swiere smert
 115 treastgen har mei alles yn har macht.
 Hja preken en hja seinen dei en nacht,
 hja deade sûnder grûn harsels – eilaas!
 Hja brûkten alle mooglike soelaas
 en joegen alle muoit' en goede ried
 120 ta de ferlichting fan har djip fertriet.
 Yn gâns ferrin fan tiid – wit eltsenien –
 kin men sa lang wol kervje yn in stien
 oant dêre in figuer yn printe stiet.
 Hja treastgen har sa lang yn har fertriet,
 125 oant hja ûntfong troch hop' en sûne reden
 't ôfprintsels fan fertreasting yn har neden.
 Dêrtroch bedarre eins har grutte smert.
 Altyd yn 't hertsear bliuwe koe hja net.
 Ek hie Arvéragus yn al syn noed
 130 oer syn wolwêzen brieven thús har stjoerd,
 dat er wer thúskaam en it wie nei-oan.
 Oars wie har herte fan it leed grif stoarn.
 Har freonen seagen har fertriet foel stil,
 en beaen har op knibbels, om Gods wil:
 135 “Kom yn ús selskip; kinst in kuier priuwe!”
 Om sa har somb're drôgen te ferdriuwen.
 Hja stimde yn 't fersyk ta op it lêst,
 Want hja seach yn, dat wie it alderbêst.
 No stie harren kastiel ticht by de see.
 140 Mei freonen klom hja faken op dat stee
 foar har fertier steil op in hege klip.
 Dêr seach hja mannich boat en mannich skip
 Har koerts farren, al neffens har ferlet.
 Mar dat gesicht wie oanpart fan har smert.
 145 Want tsjin harsels se hja hiel faken: “Och,
 is der gjin skip by alle dy't ik sjoch,
 dat my myn hear thús bringt? Dan wie myn hert
 genêzen fan de bitt're pin' en smert.”
 In oar' kear siet hja dêre en tocht djip
 150 en seach omlegen fan de hege klip.
 En seach hja de ôfgrysliek swarte rotsen,
 fan kleare eangst begûn har hert te klotsen.
 Dan hold hja 't op 'e fuotten net oerein.
 Dan gong hja sitten op it gers, ferslein,
 155 en stoarre treurich nei de see in set

- en sei mei kâlde suchten fol fan smert:
 “Ivige God, dy’t as foarsjennich Hear
 de wrâld bestjoere mei in wis regear.
 Men seit, Jo ha neat makke sûnder sin.
- 160 Mar Hear, dy swarte rotskust griist my tsjin,
 liket my earder in goare ruïne
 as in fraai skepsel, dêr’t yn is te finen
 de hân fan in folslein’ en wize God.
 Wêrom dat sinleas ding brocht op ’e wrâld?
- 165 Troch dat ding wurdt súd, noard, noch west of east
 gjin fûgel fuorre, noch in minsk’ of bist.
 Nei myn sin docht in rots gjin goed, mar kwea.
 Hy docht – Jo sjogge ’t, Hear – ’t minskdom de dea.
 Wol hûnderttûzen minsken binn’ teplette
- 170 troch rotsen, ek al binn’ hja no fergetten.
 De minsk’ is doch sa’n fraai part fan jo tylt
 dat Jo him skepen ha nei eigen byld?
 Doe toanden Jo – nei ’t like – grutte minne
 foar ’t minskdom. Mar hoe soe it no dan kinne,
- 175 dat Jo in middel makken ta de dea,
 it middel dat gjin goed docht, mar stees kwea?
 Ik wit wol, learden sizze, as hja ’t lêste,
 mei arguminten: alles is te’n bêsten.
 Ik ken de reden net fan sa’n beskied.
- 180 Lit dy God, dy’t de winen waaie liet,
 myn hear doch hoedzje, dat is myn beslút.
 Ik lit oan learden oer elts dreech dispút.
 O God, slaan al dy swarte rotsen del;
 Lit s’ yn ’t belang fan him sink’ yn ’e hel!
- 185 D’ eangst foar dy rotsen knoeit myn hert foarwis”,
 sei hja, mei mannich trien fol drôfenis.
 Har selskip murk, ’t wie gjin ferdivedaasje
 te kuijerjen by see, mar in tamtaasje,
 en tochten earne oars har te plezieren.
- 190 Hja brochten har by wellen en rivieren
 en ek op oaren oangename plakken,
 hja dûnsen, dienen triktrak dêr en skaken.
 Sa wie it op in dei yn iere moarn
 dat nei in tûn hja gongen dêr neistoan.
- 195 Hja hienen har reemakke foar dat plak
 mei itenswaren en mei oar gerak,
 ta nocht en wille hiel de dei aloan.
 Dat barde op de seisde maaiemoarn.
 En Maaie hie mei mylde wetterstrielen
- 200 dat hôf mei blêdte en mei blomt’ bemiele.
 Bekwame minskehân hie sa folslein
 en tûk en sierlik dizze tûn oanlein,
 dat nimmer hie in hôf sa’n skientmepriis
 of it moat west ha ’t echte paradiis.
- 205 De geur fan blommen of it fris gesicht

- hie grif elts herte rom makke en licht
 fan minskebern, útsein as smertlik leed
 of swiere sykte 't herte brocht yn need.
 Sa fol wie 't hôf mei sier en mei plezier.
- 210 En nei it miel dûnsen hja ta fertier
 en songen, útsein Dorigen allinne,
 dy't aloan bleau oan 't kleien en oan 't stinnen,
 want ta it dûnsjen gean, seach hja him nea,
 hy dy't har eigen man wie en har lea.
- 215 Lykwols wie 't nedich dat hja har tiid bide;
 hja liet yn goede hoop har smert ferglide.
 Mank oare manlju by it dûnsjen blonk der
 foar d' eagen fan Dorigen ek in jonker,
 frisser en fleuriger yn toai en ris –
- 220 nei myn sin – as de moanne maaie is.
 Hy dûns' en song dat er elts man oerwûn,
 dy't wie of west hat sûnt de wrâld begûn.
 Ek wied er, as men nei beskriuwing stribbe,
 ien fan de kreaste manlju dy't doe libben:
- 225 jong, sterk en tige deugdsom, ryk en wiis,
 en tige leav' en steld op hege priis.
 Koartsein, as ik de wierheid sizze sil,
 wylst Dorigen gjin weet hie fan syn wil,
 hie dizze fleur'ge man, dy't Venus tsjinne,
- 230 en dy't Aurelius hiet, yn fjoer'ge minne
 har leave 't meast fan alles op 'e wrâld.
 Twa jier en langer wie 't syn lok en lot.
 Har syn fertriet fertelle doarst er net.
 Sa dronk er al syn leed út 't folle fet.
- 235 Hy wie wanhopich, sizze doarst er neat.
 Mar yn syn fersen lei er skraach wat bleat
 fan 't leed, in klacht yn 't algemien allinne.
 Hy sie: “'k Haw leaf, mar krij neat wer fan minne.”
 Hy skreau in protte lieten oer syn fielen,
- 240 kleilieten en balladen en rondielen.
 Hy sei, hy doarst syn smert net te fertellen,
 mar smachte as in fuery yn 'e helle.
 Hy sei, dat hy as Echo stjerre moast,
 dy't oan Narcissus 't leed net sizze doarst.
- 245 en oars as dat ik hjirre ha te sizzen,
 doarst hy syn leed oan har net bleat te lizzen,
 útsein dat hy somtiids op dûnspartijen,
 dêr't jongfolk komt foar harren frijerijen,
 by tafal hy har loaits fong yn 'e egen,
- 250 allyk in man dy't om genede frege.
 Mar hja wist neat fan syn bedoeling ôf.
 Dochs barde 't ear't hja gongen út it hôf,
 omdat tafallich hy har buorman wie
 en as in man fan stân yn eare stie,
- 255 en hja sûnt lang al kend hie dizze ridder –

- hja rekken yn petear, en hieltyd fierder
 kroep doe Aurélius op syn eindoel ta.
 En doe't er syn kâns skoan seach, sei er sa:
 "Mefrou, by God, Skepper fan wrâld en tiid,
 260 wannear't ik wist, 't makket jo herte bliid,
 'k woe dat dy deis dat jo Arvéragus
 oer see gien is, dat ik, Aurélius,
 gien wie dêr't ik nea wei wer komme mocht.
 Want 'k wit, min leafdestsjinst is om 'e nocht.
 265 Myn lean is neat oars as in brutsen hert.
 Mefrou, haw dearnis mei myn pin' en smert!
 Jo kinne mei ien wurd my deadzj' of rêde.
 O, waard ik oan jo foet yn 't grêf mar bêde!
 'k Haw no gjin kâns en sis mear fan myn wea.
 270 Genede, leaf, oars slane jo my dea!"
 Hja seach him oan. "Aurélius", sei hja,
 "is dat jo wil en is jo sizzen sa?
 Ik ha nea earder witten jo bedoelen,
 Mar no, Aurélius, ken 'k jo gefoelen.
 275 By God, dy't my myn siel joech en myn liif,
 Ik swar jo, ik wurd nea in ûntrou wiif
 Yn wurd of died, nei myn ferstân en sin.
 Ik bliuw fan him oan wa't ik knotte bin.
 Nim dat as lêste antwurd oan fan my."
 280 Mar letter sei hja út 'e gek dêrby:
 "Aurélius, by God omhegen, wit,
 'k wol jo de geunst jaan fan myn leafde jit,
 Want 'k hear jo dearlik kleien oer jo wee.
 Dy deis dat jo bylâns Bretanjes see
 285 de rotsen romme hawwe allegearre,
 dat hja gjin skip mear bringe yn 't ferdjerren,
 ha jo dan soarge dat de kust wer skjîn is
 fan rotsen, dat gjin stien mear te sjen is,
 dan leavj' ik jo, mear as wá man op ierde.
 290 Myn earewurd yn al wat 'k ha te bieden."
 "Is dy geunst d' iene dy't jo foar my ha?"
 "Ja, by de Hear, myn Skepper", and're hja.
 "Want ik wit skoan, dat sil dochs nea net barre.
 Lit dus dy dwaasheid út jo hert mar farre.
 295 Wat hat in man yn 't libben foar geriif
 en wurd fereale op in oar syn wiif,
 dy't as er wol, genietsje kin har lea?"
 Aurélius sucht' faken oer syn wea.
 Ferbjus're hie hy har dat sizzen heard.
 300 Hy and're mei in djip fertriet yn 't hert:
 "Mefrou, dat is m' ûnmooglik; dat kin 'k nea.
 Dan moat ik stjerre in grouweel'ge dea!"
 En nei dat wurd is hy net langer bleaun en
 doe kaam in grut tal fan har oare freonen.
 305 Hja kui'ren yn de leanen op en del,

- mar wisten neat fan d' ein fan 't pleit, en tel
 begûnen hja har feest mei nije moed,
 oant dat de sinnepracht ferlear har gloed.
 De kym berôve sinne fan syn ljacht,
 310 dat wol safolle sizze as: 't waard nacht.
 Elts gong nei hûs mei wille en soelaas
 útsein de earm' Aurélius – eilaas!
 Dy gong nei hûs mei in fertrietlik hert.
 Hy seach wol yn, de dea ûntkaam er net.
 315 Him tocht, hy fielde 't hert al kâld en leech.
 Hy stiek de hannen nei de himel heech.
 Op bleate knibbels bûgd' er del in set
 en yn syn dwylsin sei er syn gebed
 en prate bûten sinnen yn syn wea.
 320 Hy wist net wat er sei, mar spriek syn bea:
 syn klacht kaam út in treurich hert fandinne
 ta alle goaden, 't earste ta de sinne:
 “Apollo, dy't ik god en hearsker neam
 oer eltse plant en krûd en blom en beam,
 325 jo ha neffens jo deklinaasje¹⁶ jûn
 oan elts fan har syn tiid en syn seizoen,
 al nei't jo yn jo hûs stean, heech of leech.
 Hear Febus, werp dochs jo barmhertich eech
 Op d' earm' Aurélius, dy't ferlern gean moat.
 330 Want Hear!, myn dame hat myn dea besward
 sûnder myn skuld' as jo goedgeunst'gens net
 wat dearnis hat mei myn faai stjerrend hert.
 Want 'k wit it wol, hear Febus¹⁷: as 't jo lêst,
 helpe jo – op myn frouwe nei – it bêst.
 335 Jou my de geunst dat ik jo sis myn sin,
 op hokfoar wize 'k holpen wurde kin.
 Jo keine suster Lucina¹⁸, de goadinne,
 dy't oer de see regearret as foarstinne –
 hoewol't Neptunis god is fan de see
 340 slacht hja as keizerinn' oer him har swee –
 Jo witte, hear, 't is har oprjocht ferlangen
 fan jo fjoer ljocht en libbenskrêft t' ûntfangen.
 Hja folget jo dêrom as trou partoer.
 Sa folget ek de see har fan natoer¹⁹
 345 yn trou, om't as goadinne hja gebiedt
 oer see en hearskippij oer streamen fiert.
 Dêrom, hear Febus, is no dit myn bea:
 doch dat wûnder of slaan myn herte dea.

¹⁶ *Deklinaasje*, ôfstân fan in himel ta de himelekwator (himelevender)

¹⁷ *Febus* (Gryksk: *Foibos*) wurdt lyksteld oan de Romeinske god *Sol* (Gryksk: *Helios*), de *sinne*.

¹⁸ *Lucina*, goadinne fan it 'ljocht', wurdt wol lyksteld oan *Diana* as goadinne fan de jacht (*Diana Venatrix*), de berte (*Diana Lucina*) en fan de *moanne* (*Diana Lucifera*). *Luna* (Gryksk: *Selene*) wie de Romeinske goadinne fan de *moanne*. De Romeinske goadinne *Diana* wie lykas de Grykske *Artemis* in ljocht en libben bringende goadinne. Hjir wurdt *Luna*, de moanne, lyksteld oan *Diana* (= *Artemis*).

¹⁹ De oanlûkingskrêft fan de moanne hat ynfloed op de see.

- As Jo en Moann' yn opposysje binne²⁰
 350 en yn it teken fan de Liuw aanst rinne,
 bid har²¹ dat hja sa'n grutte floed dan bringt,
 dat dy alteast fiif fiemen heger springt²²
 as 't heechste klif hjir yn Bretanj' oan see.²³
 En lit dy floed dan twa jier duorj' op 't stee.
 355 Dan sis ik wiswier tsjin myn dame dit:
 "De rotsen binne fuort; hâld jo ûnthjit!"
 Hear Febus, doch dat wûnder foar my no!
 Smeek har, dat hja net flugger giet as jo.
 Smeek har, dat hja net flugger yn har baan
 360 rint as jo plichtsj' yn dy twa jier te dwaan.
 Dan sil hja folle moanne toan' aloan
 en hâldt by nacht en dei de springfloed oan.
 Mar wol hja oan 't fersyk sa net foldwaan,
 my net myn hege, eale dame jaan,
 365 smeek har dan alle rotsen del te smiten
 djip yn har eigen tsjust're, njoere krite²⁴
 ûnder de grûn, dêr't Pluto wente hat.
 En oars win ik myn dame nimmer net.
 Jo skryn yn Delfi²⁵ gean ik bleatsfoets hinne.
 370 Sjoch, hear, hoe't triennen oer myn wangen rinne.
 En toan begrutsjen mei myn bitt're pine!"
 En by dy wurden foel er del yn swime.
 Lang lei er bûten westen op dat stee.
 Syn broer, dy't weet hie fan syn pynlik wee,
 375 dy naam him op en brocht him op syn bêd.
 Wanhopich troch syn folterjende smert
 lit ik dat treurich skepsel lizz' yn wea.
 Ik lit him kieze: 't libben of de dea
 * * *
- Arvéragus, fan 't ridderskip de blom,
 380 kaam sûn en wol mei grutte ear' werom
 mei oare mannen fan de earste keur.
 No Dorigen, bisto yn blide fleur.
 Do hast dyn fikse man yn d' earmen sletten,
 de feard'ge ridder, d' eale strider fette,
 385 dy't dij bemint as eigen liif en hert.
 Hy hie gjin erch derfan, yn 't minste net
 oft, doe't er fuort wie, ien spriek ta syn wiif
 fan leafde, want dy stie net yn 'e kiif.
 Hy tocht sels net oan soks, mar mei plezier
 390 dûns' en toernoaid' er en makke har blier.

²⁰ As de sinne yn it teken fan de *Liuw* (Leo) stiet en de moanne yn *Wetterman* (Aquarius), oer trije moanne likernôch.

²¹ har = de *moanne*.

²² Fiif fiemen is 5 x 1,83 m = 9 meter.

²³ It heechste klif, 16 meter heech, yn de baai fan Mont Saint-Michel (mei in Benediktiner abdij), net fier fan Saint-Malo.

²⁴ Lucina is Prosèrpina of Persefonè (Persephoneia), de keninginne fan it deaderyk fan Hades (= Pluto).

²⁵ Yn it orakel fan Delfi ('Delphi') wie preesteresse Pythia it trochjoulûk fan Apollo (as god fan it ljocht).

- Yn will' en nocht lit har bliuwe dus
 en kom wer by de sik' Aurélius.
 Wol twa jier lang en mear lei d' earne fint
 te kwinen yn in skrikkelik tormint.
- 395 ear't hy in foet wer sette op 'e ierde.
 Yn al dy tiid woe nimmen treast him biede.
 Útsein syn broer; dat wie in tûke learde.
 Dy wist fan al it leed, dat him mankearde.
 Want tsjin gjin ien oar skepsel op 'e wrâld
- 400 doarst er in wurd te sizzen oer syn lot,
 om't hy 't yn 't hert djipper ferburgen hie
 as Pámfilus foar Galatía²⁶ 't die.
 Wel, sjoen fan bûten wie syn boarst wol hiel.
 De skerpe pylk stiek altyd yn syn siel.
- 405 Jo witt' yn hielkeunst is 't genêzen fan
 in wûne mei in roof in nuodlik plan,
 útsein as men de pylk berikke mei.
 Syn broer dy gûld' en skriemde stiltsjeswei,
 oant op it lêst yn 't sin him kaam yndie
- 410 dat hy yn Orléans yn Frankryk wie
 as jong studint by har dy't fûl begeare
 frjemd' en okkulte wittenskip te learen
 en sykj' yn alle hoeken, alle hernen
 om sa'n bysûnd're wittenskip te kennen.
- 415 It kaam him yn it sin, dat op in dei
 yn de kolleezjeseal in boekwurk lei
 dat oer natoermagy²⁷ gong, dat syn maat –
 yn dy tiid yn de rjochten kandidaat,
 hoewol't him om in oare stúdzje gie –
- 420 temûk op syn kateder litten hie.
 Dat boek behannele de wurkkondysjes
 fan d' achtentweintich deistige posysjes
 dy't by de moanne hearre²⁸ – dwaas gegis,
 dat hjoed-de-dei gjin botsen wurdich is.
- 425 It leauwe fan de hill'ge tsjerke stiet
 net ta, dat selsbedroch liedt ta fertriet.
 Doe't dat boek him yn 't sin kaam, sjoch hy trille
 dalik en 't herte dûnse him fan wille.
 En by himsels sei hy djip yn syn wêzen:
- 430 “Myn broer sil grif mei gauwens no genêze.
 Wis bin ik dat der wittenskippen binne
 Dy't gâns bylden fan drôg'²⁹ oproppe kinne
 sa't tûke gûch'lers dogge mei getsjoen.
 Want faken ha 'k op feesten heard en sjoen,
- 435 dat liepe tsjoenders yn in grutte halle

²⁶ Twa frijers (Pamphilus en Galatea) yn in 12^{de}-iuwsk Latynsk fers *De Amore* ('oer leafde') fan Andreas Capellanus.

²⁷ *Natoermagy* ('magic naturel') stie tsjinoer 'swarte' magy en it oproppen fan de deaden of de geasten.

²⁸ It plak fan de moanne yn relaasje ta de stjerren.

²⁹ *Drôchbylden*, massasuggestje.

in wide mar en dêr in boat op stalle,
 dy't troch de seale op en del him wynde.
 Soms like 't dat in grime liuw ferskynde,
 soms blommen yn in mied' yn dauwe
 440 soms in wynstôk mei druven, wit' en blauwe,
 soms in kastiel, alhiel fan kalk en stien.
 En as er 't woe, naam hy it wei mei-ien.
 Sa like it alteast yn elts syn each.
 Dus myn konklúzj' is: as ik kâns ris seach
 445 yn Orléans in âlde maat te finen,
 dy't ynsjoch hat yn 't deistich moanneskinen
 of oan natuerlike magy him wijt,
 dy soarget dat myn broer syn leafste krijt.
 Sa'n learde wit drôchbylden grif te tsjoenen
 450 fan't minsk'-each, dat de rotsen hjir ferdwûnen
 en fan Bretanj' alhiel weiromme binne,
 dat skippen feilich hjirlâns farre kinne.
 En sil dy tastân duorj' in wik' of trije,
 dan is myn broer genêzen fan syn lijen.
 445 Dan moat hja har wol hâld' oan har ûnthjitten.
 Oars soed er har yn skand' op 't lêst ferstjitte!"
 Wêrom soe 'k mear fertelle noch dêroer?
 Hy gong op slach nei 't bêd ta fan syn broer
 en hat him sok in treast en oantrún sein
 460 ta Orléans, dat hy sprong fuort oerein.
 Doe gong er daliks op 'en paad fan 't steed,
 yn hope op ferlossing fan syn leed.
 Hja wienen Orléans al hast benei –
 doe't dêr in heale kilometer wei –
 465 in iens'me jonge learde harren moete,
 dy't yn 't Latyn harren mei "Sûnens!" groete.
 En dêrnei seid er wat, dat hja ferstommen.
 Hy sei: "Ik wit de reden fan jim kommen."
 En doe't it twatal ien stap fierder gie,
 470 sei hy al krekt wat har bedoelen wie.
 De broer frege him nei syn stúdzjematen,
 dy't er by âlds koe as syn kammeraten.
 Hy and're, dat hja dea wien' en fergien.
 Doe skriemde de Breton sa mannich trien.
 475 Aurélius stoep fan syn hynder del
 En mei de learde tsjoender gong er tel
 nei syn hûs ta, dêr't hy har rij traktearre,
 sadat oan spiz' of drank har net mankearre.
 In hûs sa kreas ynrjochte en foarsjoen,
 480 hie ús Aurélius nea yn 't libben sjoen.
 Noch foar it jûnmiel toand' er ta plezieren
 him wâld en parken fol mei wylde dieren.
 Dêr seach er harten mei de hoarnen heech,
 it grutst gehaad ea sjoen mei minske-eech.
 485 Hy seach wol hûndert deade troch de hûnen

- en guon, troch pylken bliedend út 'e wûnen.
 Hy seach nei 't fuortgean fan de wylde dieren
 tichtby in moaie stream rju falckenieren,
 waans hauken reagers deade hien' as proaien.
- 490 Doe seach er ridders op in fjild toernoaien.
 En dêrnei die de tsjoender him 't plezier,
 dat er syn dame toand' yn dûns en swier.
 Doe dûnse ek hysels mei, nei 't him tocht.
 En doe't de master dy't dat tsjoenspul brocht,
- 495 fûn, it wie tiid, klapt' er de hannen ticht,
 en dien wien' nocht en wille fuort – út sicht!
 Dochs wien' hja nea út hûs wei al dy tiid,
 doe't hja oanskôgen hiel dat wûnder swiid.
 Mar yn syn stúdzjeseal mei boekerijen
- 500 sieten hja noch en gjin oar as hja trijen.
 De master rôp syn húsfeint op it stee
 en frege him: "Sis, is ús jûnsmiel ree?
 It is in oere lyn sa ûngefear,
 dat ik dy hiet: 'Meitsje ús jûnsmiel klear!'
- 505 Doe ha 'k dy hearen frege mei te gean
 nei myn studearseal dêr't myn boeken stean."
 De feint sei: "Hear, is dat de winsk fan jo,
 't stiet op 'e dis; jim kinne ite no."
 De hear sei: "Dan oan tafel; mei 't jim lêste.
- 510 Fereale minsken moatte somtiids rêste."
 En nei it jûnmiel ûnderhan'len hja:
 Wat som moast master as beleaning ha
 foar't romjen fan Bretanjes rotsen, jerne
 fan de Girond' oant mûning fan de Seine.
- 515 Hy aks'le tsjin, swarde by God dêrta,
 minder as tûzen pûn woe hy net ha,
 foar minder as dy som woe hy 't net dwaan.
 Aurélius, bliid yn 't hert, woe 't daliks jaan.
 Hy and're: "Wat maal ik om tûzen pûn?!"
- 520 De wide wrâld – men seit, de wrâld is rûn³⁰ –
 woe ik wol jaan, as ik deroer regearre.
 De keap is sletten; wy haww' akkordearre.
 Myn wurd derop; jo krije wier dy som.
 No gjin sloffens of sleauwens, tink derom!
- 525 Jo hâld' ús hjir net langer as moarnier."
 De learde sei: "Myn earewurd, wiswier!"
 Aurélius gong op bêd, doe't dat him lêste,
 en lei omtrint de hiele nacht te rêsten,
 want troch syn skreppen en syn hoop op lok
- 530 wie 't treurich hert ferlost fan 't pynlik jok.
 De oare moarns by 't daagjen fan de dei
 gongen hja nei Bretanje fuort op wei,
 it twatal en neist har de man fan 't tsjoenen,

³⁰ Dat de wrâld rûn wie, wie yn de Midsiuwen algemien bekend.

- oant hja ôfstapten dêr't hja bliuwe soenen.
- 535 It wie – sa is 't út boeken klear fernimber –
yn 't kâld en froastich jiertij fan desimber.
Febus³¹ wie âld mei syn gielkoop'ren kleur.
Wylst simmerdeis hy stie yn heechste fleur
en yn it glêdpoetst goud syn strielen blonken.
- 540 Mar no wie yn de Stienbok³² hy fersonken.
Dêr skynd' er bleek; syn gloede wie fertein.
De bitt're froast mei wiete snie en rein
hie 't grien yn elts' tûn deade fan natoer.
Janus³³ mei 't dûbel burd sit dan by 't fjoer
- 545 en drinkt dêr út syn jagershoarn de wyn.
En foar him stiet it fleis fan 't wylde swyn.
En “Blide Krysttiid!” ropt elts op syn bar.
Aurélius die wrychtich alle war
de master wille en respekt te jaan.
- 550 Hy smeke him der wier flyt op te dwaan
him te befrijen fan syn pin' en smert.
En oars trochboarr' er mei in swurd syn hert.
Dy skrand're klerk begrutte 't om de man,
dat nacht en dei besteg' er oan syn plan
- 550 en wachtsj' in tiidstip ôf foar syn konklúzje,
dat sizze wol: foar 't skeppen fan d' yllúzje
troch sok in skynfertoaning of magy –
ik ken gjin termen fan astrology –
dat hja en eltsenien soe sizze' en miene,
- 560 dat no Bretanjes rotsen weinomd wiene
of dat se sonken wien' ûnder de grûn.
Sa hied er lang om let it tiidstip fûn
foar 't dwaan fan trúks en skelmske tsjoenderij,
de dieden fan ferflokt' ôfgoaderij.
- 565 Hy brûkte syn tabellen fan Toledo³⁴,
bywurk' en sûnder flaters, nei syn kredo,
fan de planeten 't jierliks omgongspaad
nei radises³⁵ en rest fan 't apparaat
lykas de sintra en de arguminten³⁶
- 570 fan de proporsjonele konveniïnten³⁷
foar syn berekkenings, yn alles klear.
Hy koe de wurking fan de achtste sfear³⁸.
Hy wist hoe fier't Alnath³⁹ ferwid're wie,
fan 't fêste stjerte Ariës ôf stie,

³¹ *Febus*, de sinne.

³² *Capricornus*, tichteby de ekwator.

³³ *Janus*, mei twa gesichten, is jannewaris, jannewaarje.

³⁴ *Tabellen fan Toledo*, astronomyske tabellen.

³⁵ *Radises* ('radices'), tabellen foar wiskundige berekkenings.

³⁶ De *sintra* ('centra') en de *arguminten*, meganisme op in astrolabium, in astronomysk ynstrumint.

³⁷ Tabellen fan de ferhâldings fan berekking fan de beweging fan planeten.

³⁸ De midsiuwske astronomy koe 9 sfearen, dêr't de fêste stjerren yn stiene.

³⁹ *Alnath* (Arab.: *al-nath*) wie yn de Midsiuwen de alfa of helderste stjer yn it stjerrebyld *Ariës* (de 'Raam') yn de 9^{de} sfear. *Ariës* wie de basis foar oare astronomyske berekkenings.

575 dy't fêst stiet yn de njoggende der sfearen.
 Dat alles koed er skrandere kalkuleare.
 Doe't hy de earste moannewente⁴⁰ fûn,
 wie him dêrneffens ek de rest weijûn.
 Hy koe it rizen fan de moanne skoan,
 580 wiisd' elts diel fan de Diereriem⁴¹ fuort oan.
 Hy koe elts moannehûs troch kalkulaasje
 en wist wat gaadlik wie foar d' operaasje.
 En all 'oare praktiken ek koe hy
 foar drôchbylden en sok in skelmerij
 585 as 't heidenfolk hantearre yn dy dagen.
 Dêrom woe hy net mear de saak fertrage.
 En troch syn tsjoenen kaam it dat it like,
 de rotsen wienen fuort foar ien, twa wike.

* * *

Aurélius wie wanhopich fan ferlet,
 590 oft er syn leafste krije soe of net.
 Hy wachte nacht en dei op dat mirakel.
 En doe't er wist, fuort wie no elts obstakel,
 want al dy rotsen wienen romm' en gien,
 foel er de master oan 'e foet mei-ien
 595 en sei: "Ik, tryste, earmme siel Aurélius,
 tankje jo, hear, en myn goadinne Venus,
 dat jo út iiz'ge noed my holpen ha."
 Fuortdaliks gong er nei de timpel ta.
 Dêr – wist er – soed er sjen syn leave frou.
 600 Hy seach syn kâns skoan en dy griep er gau.
 Mei eangstich hert en dimmen antlit kaam,
 groet' er syn soevereine, leave faam.
 "Myn wiere frouwe," seid er, tryst fan sin,
 "dy 'k freezje en bemin sa goed ik kin
 605 en 't minst fan alle minsken lêst jaan woe,
 as ik om jo sa'n smert net lije soe,
 dat 'k oan jo fuotten stjerre wol op 't stee,
 dan soe 'k jo net fertelle fan myn wee.
 Mar wier, dan moat ik stjerre of ferkwine.
 610 Jo deadzj' ûnskuldich my mei wiere pine.
 Mar al begruttet jo myn dea net hurd,
 betink jo fóár it brekken fan jo wurd.
 By God omheech, bekear jo sûndich sin,
 ear't jo my deadzj' omdat ik jo bemin.
 615 Frouwe, jo witte wat j' ûnthjitten ha.
 Ik easkje neat as rjochtlik nei my ta
 fan jo, myn soevereine frou, inkeld genede.
 Mar yn in hôf, dêrjinsen op sa'n stede,
 jo witte wol wat jo my dêr tasein' en
 620 jo wurd fan eare yn myn hannen leinen,
 my 't meast te leavjen. God wit, sein is 't sa,

⁴⁰ De earste posysje fan de moanne is *Alnath*.

⁴¹ Yn hokfoar teken fan de Diereriem eltse planeet stie.

- al wit ik, dat ik 't net fertsjinne ha.
 Mefrou, dat sis 'k om't ik jo ear bestribbe,
 mear as om 't rêden fan myn eigen libben.
- 625 Lykas jo my gebean ha, haw ik dien.
 En as jo wolle, kinn' jo 't sjen mei-ien.
 Doch no jo sin, mar tink om 't eedferbinen.
 Libben of dea, dêr sille jo my fine.
 Oan jo leit dus myn dea of libbenslot.
- 630 Mar ik wit skoan, de rotsen binne fuort!"
 Hy sette ôf; hja wie alhiel oerstjoer.
 Dêr bleau gjin drip bloed yn har antlit oer.
 Hja tocht, dat s' yn sa'n fal nea traapje soe.
 "Och, och!," rôp hja, "dat soks ea barre koe!
- 635 Nea haw ik yn de fierste fierte tocht,
 dat sa'n healwiis mirakel barre mocht,
 omdat it tsjin natoer syn rin yn giet."
 Hja gong nei hûs, in minske fol fertriet;
 fan kleare bangens koe hja amper rinne.
- 640 Hja skriemd' en jammr' in dei of twa derhinne
 en swime, 't wie begrutlik, ja, in griis.
 Mar d' oarsaak fan har leed waard nimmen wiis.
 En út 'e stêd wie gien Arvéragus.
 En ta harsels sei hja en spriek aldus
- 645 mei bleke troanje en mei tryste snút
 har weeklacht, sa't jin hearre sille, út:
 "O wee, Fortuna! 'k klei oan jo," sei hja,
 "dy't ûnferhoeds my yn jo boei slein ha.
 Ik wit net, hoe 'k ûntkomme moat oan 't kwea,
- 650 as troch ferlies fan ear' of troch de dea.
 Ien fan dy twa bin 'k twongen no te kiezen.
 Mar leaver wol ik 't libben doch ferlieze
 as dat 'k mei skandesmet myn lea beskamme
 of falsk' toan mei ferlies fan myn goenamme.
- 655 En mei myn dea bin 'k wis fan d' eedbân ou.
 Wie der alear net mannich eale frou
 en fanke, dy't harselme leaver deaden
 as 't lichem te besmoargjen mei it kweade?
 Jawis, ferhalen⁴² tsjûgje faak dêrfan:
- 660 tritich tirannen, yn en yn ferdoarn,
 deaden t' Athene Fidon as in beest,
 namen syn dochters finzen op in feest
 en brochten dy spierneaken ta har spot
 foar har, ta 't wâljen yn har goar genot.
- 665 Hja lieten harren dûnsj' yn heite bloed,
 stoart op 'e flier – God, jou dy smjunten tsjoed!
 Dy tryste fammen, deadsbang fan fersleinens,
 ha, leaver as 't ferlies fan harren keinens,
 temûk har mei in sprong stoart yn in welle

⁴² De 23 eksimpels, foarbylden fan selsmoard, komme út Hiëronymus' *Adversus Jovinianum* (403 n.Kr.).

- 670 en har ferdronken, sa't boeken fertelle.
 't Folk fan Messene frege ek en socht;
 út Sparta waarden fyftich fammen brocht
 om dy yn gleone geilens te ferslinen.
 Mar yn dy fammekloft wie gjint te finen
- 675 of hja waard deade, – elts hie 't goed foarnimmen,
 keas leaver noch de dea as ta te stimmen,
 as men har rôvje woe har fammesteat.
 Wêrom soe ik dan freezje foar de dead?
 Ek dy tiran neamd Artistóklides⁴³,
- 680 fereale op de faam Stymfalides.
 Doe't op in nacht har heit fermoarde waard,
 Naam nei Diana's⁴⁴ timpel hja it paad
 en griep har byld mei beide hannen fêst,
 en liet dêrnei net los dy djoere lêst.
- 685 Gjint koe har hannen fan it byld ôflûke
 oant men har op itselde stee dea bûke.
 Om't fammen ôfgriis ha en wurd' bedoarn
 troch goar genot en geilens fan in man,
 beheart in frou earder harsels te deadzjen –
- 690 tinkt my – as lit har troch ferkrêfting skeadzje.
 Wat moat ik sizz' oer Hasdrubal⁴⁵ syn frou?
 Hja naam har yn Karthago 't libben ou,
 doe't de Romeinen ynnamen de stêd.
 Hja naam har bern en stoarte har beret
- 695 yn 't fjoer en keas de hurde dea as d' ein,
 leaver as 't skeinen troch in brút Romein.
 Hat net Lucretia harselme daat
 yn Rome, doe't hja wreed beneare waard
 troch dy Tarquinius, om't hja har skamme
- 700 te libjen mei 't ferlies fan har goenamme?
 Ha dy sân fammen fan Milete net
 harselme leaver dead' út eangst en smert
 as lit har troch't Galatefolk tamtearje?⁴⁶
 Wol tûzen stoarjes soe ik – nei 'k ornearje –
- 705 fertelle kinne dêroer. By de dea
 fan Abradates⁴⁷ hat syn frou en lea
 harselme daat. Hja liet har bloodstream glide
 yn Abradates' wûnen, djipp' en wide,
 en sei: “No sil alteast – kin 'k dêrfoar soargje –
- 710 gjin ink'le man myn lichem ea besmoargje.”
 Wêrom foegj' ik foarbylden dêroan ta?
 Omdat sa'n soad harselme deade ha

⁴³ Aritistóklides (Aristoclidēs), wie in tiran fan Orkhómenos (Orchomenos) yn Arkadië (Arcadia, Arkadia), in bercheftige lânstreek yn de midden fan de Peloponnesos.

⁴⁴ Diana wurdt identifisearre mei Artemis en woe altiten kein (faam) bliuwe.

⁴⁵ *Hasdrubal Barkas* (245-207 f.Kr.), jongere broer fan Hannibal, fjildhear út Karthago. Hy kaam om yn 207 f.Kr. yn de slach by Metaurus. Syn holle waard troch de Romeinen oer de ôffreding fan it Karthager legerkamp smiten.

⁴⁶ *Milete* waard troch de Galaten yn 276 f.Kr. plondere.

⁴⁷ *Abradates*, kening fan Susa yn Xenofon (Xenophon) syn *Kuropaideia* (Cyropaedia).

- leaver as skeind te wurden yn har lea.
 Konklúzje: better de selskeazen dea
 715 as skeind te wurden en besmoarge dus.
 Ik bliuw trou oan myn man Arvéragus.
 Ik doch de dea myselme leaver oan
 lyk 't leave fanke fan Demótion.⁴⁸
 Hja woe net skeind wurde yn sa'n goar skandaal.
 720 O Skédasos, hoe drôvich is 't ferhaal⁴⁹
 te lêzen hoe't jo dochters by 't ferkarren
 fan dea, omreden fan sa'n skandlik barren.
 Allike tryst, doe't de Thebaanske faam
 om dy Nikanor⁵⁰ 't libben har benaam,
 725 omdat hja yn deselde need ferkearde.
 Ek 'n oare faam út Thebe hat har deade.
 In Masedoaniër hie har beneard.
 Hja hoede mei har dea har fammesteat.
 En wat sis ik fan Nikerates⁵¹ frou,
 730 dy't om dy reden lei har libben ou.
 Hoe trou ek wie oan Alkibiádes
 syn lea⁵², dy't leaver noch de dea ferkeas
 as dat hja 't lichem ûnbegroeven liet.
 Hoe'n trou wiif wie Alkestis⁵³ ek yndied.
 735 "Wat seit Homeros fan Penelopeia?
 Hiel Hellas koe har keinens. Laodameia
 dêr is fan skreaun: doe't yn Troje har man
 Protesilaos foel, bleau hja yn 't span
 en woe net langer libje as har held.
 740 Dat kin fan d' eale Porcia⁵⁴ ek ferteld:
 want sûnder Brutus libje woe hja net,
 om't hja oan him jûn hie har hiele hert.
 Om de folmakke Artemisia⁵⁵
 bringt hiel 't Barbarelân all' eare ta.
 745 Foarstinne Teuta⁵⁶, jo kein froulik wêzen
 kin alle froulju ta in spiegel wêze.
 Itselde sis ik ek fan Bilía⁵⁷
 fan Rhodogune⁵⁸ en Valteria⁵⁹."
 Sa klage Dorigen in dei twa doe,
 750 fan doel dat hja harselme deadzje soe.

⁴⁸ *Demótion* syn dochter die dat doe't har oanstearde dea rekke.

⁴⁹ *Skédasos* (Scedasus) syn beide dochters deaden elkoar nei't se skeind wurden wiene.

⁵⁰ *Nikanor* (*Nicanor*), offisier yn it leger fan Aleksander de Grutte (336 f.Kr.)

⁵¹ *Nikerates* (Niceratus) wie in Atheensk lieder dy't swichte foar de tritich tirannen.

⁵² *Alkibiádes* (Alcebiades) syn konkubine *Timandra* begroef syn lyk.

⁵³ *Alkestis* (Alcestis) stoar foar har man *Admêtos* (Admetos), kening fan Fêrai (Feraï; Thessaloniki).

⁵⁴ *Porcia* (Porcia Catonis) wie de twadde frou fan Marcus Junius Brutus (ek bekend as moardner fan Julius Caesar) en smoarde harsels troch it ynnimmen (trochslokken) fan gleone koallen.

⁵⁵ *Artemisia* (Artemesia) frou fan kening Mausolus, dy't him ta syn eare it mausoleum bouwe liet.

⁵⁶ *Teuta*, keninginne fan Illyria.

⁵⁷ *Bilía* fersloech de Karthagers yn in seeslach.

⁵⁸ *Rhodogune* (Rodogone), kening Darius syn dochter, dy't har faam deade.

⁵⁹ *Valeria* lijde martlerskip om har trou.

- Mar d' eale ridder, hear Arveragus,
 dy kaam jûns fan de tredde dei wer thús
 en frege har wêrom't hja sa slim gûlde.
 Doe gûlde hja en skriemde helte fûlder:
- 755 "Och, ik skriem dat 'k berne bin," sei hja,
 "ik ha 't ûnthjit sein en ha sward dêrta."
 Hja sei him wat jim al krigen te hearren.
 Ik hoech it net foar jim te repetearjen.
 Mei blide troanj' en freonlik goede wil
- 760 and're har man wat 'k jim fertelle sil:
 "Dorigen, is der neat oars mear as sa?"
 "Sa wis as God my helpt, nee, nee!", sei hja.
 "Dat 's al tefolle, al hat it Gods wil west."
 "Kom frou," sei hy, "lit sliepend folk mei rêst.
- 765 It kin mûlk bêst beteare hjoed ta nut.
 Wel, by myn leauwe, hâld dyn earewurd.
 Sa wier my Gods genede is ta baat,
 'k woe leaver dat myn hert trochstutsen waard
 út wiere leafde ta dy, leave frou,
- 770 as datsto brekke soest dyn wurd fan trou.
 Trou is it heechste dat men hâldt, abs'lút."
 By dat wurd boarste hy yn gûlen út
 en sei: "'k Ferbied dy op 'e straf fan dea,
 datsto, sa lang ast libben haste, ea
- 775 tsjin ien praatst oer dit aaklike berin.
 Ik draach wol myn fertriet sa goed ik kin.
 Toan do ek uterlik net dyn fertriet,
 dat men gjin ûnheil yn dy tinkt of riedt."
 Hy rôp in feint en ek in faam fuort neier.
- 780 "Gean fuort op paad mei Dorigen," sa sei er,
 "bring har nei dat en dat plak mei-ien."
 En nei it ôfskie binn' op wei hja gien.
 Mar wêrhinne, dêr wisten hja neat fan;
 hy woe gjin ien wat sizze fan syn plan.
- 785 Meiskien sill' wol in heap fan jim dêrom
 him hâlde foar in man dy't rûch en dom
 it libben fan syn frou lei yn 'e skaal.
 Hear, foar't jim har bekleie, hiel 't ferhaal.
 Faaks hat hja better lot as jim tinkt sa.
- 790 Oardielje pas as jim 't ferhaal heard ha.

* * *

- De hear dy't hiet Aurélius, de ridder,
 fan Dorigen de sljocht fereal' oanbidder,
 dy moete har – it mei tafállich hjitte –
 yn 't stedshert, yn de alderdrokste strjitte,
- 795 doe't hja fuortdaliks de rjochte wei gien wie
 Nei 't lusthóf dêr't hja har ûnthjit dien hie.
 Ek hy gong nei itselde lusthóf ta,
 want hy hold har skerp yn 'e smiis, as hja
 it hûs ferliet nei 't ien of oare stede.

- 800 Sa moeten hja – wie 't tafal of genede?
 Hy groete har, wie fleurich op 'e trie
 en frege har wêr't hja no hinne gie.
 Hja antwurde – 't klonk hast as wie hja sljocht:
 "Nei 't luthôf ta, sa't my myn man fersocht,
- 805 om sa myn eed te hâlden, och, eilaas!"
 Aurélius wie ferwûnd're oer 't relaas
 En yn syn herte krig' er grutte dearnis
 mei har en mei har weeklacht en Arvéragus,
 de eale ridder dy't har joech de rie
- 810 te hâlden wat hja ea ûnthjitten hie,
 sa wearzge 't him, soe hja har tawurd brekke.
 Sa waard begrutsjen yn syn herte wekke.
 En hy oerwoech wat 't bêste wêze soe,
 dat fan't geniet hy leaver ôfsjen woe
- 815 as dwaan fan boerehufferich mâlfyt,
 mei alle nomm'le hoflikheid yn striid.
 Yn ink'le wurden sei Aurélius:
 "Mefrou, sis tsjin jo hear Arvéragus,
 ik sjoch syn grutte gollens foar jo noed
- 820 en 'k sjoch jo djippe need ek likegoed.
 Hy kiest dus skande – ek al is 't him leed –
 leaver as dat jo brekke soen' jo eed.
 Ik lij leaver in libben lang fertriet
 as dat 'k de leafde tusken jimme skied.
- 825 Mefrou, 'k lis alles yn jo trouwe hân.
 'k ferlos fan eltse eed jo, eltse bân
 Wêrmei't jo jo oan my bûn ha foarhinne,
 Ja, sûnt de dei wêrop't jo berne binne.
 Ik sil jo nimmer moanje, swar ik jo,
- 830 om in ûnthjit en ik nim ôfskie no
 fan d' alderbêste en dus trouste frou,
 dy 'k yn myn libben kennen ha as trou."
 Lit eltse frou oppasse mei ûnthjit.
 Ûnthâld fan Dorigen teminsten dit,
- 835 en dat in feint in nomm'le died dwaan kin
 sa goed as ridders, is wis, nei myn sin.
 Op bleate knibbels tanke hja 'm mei-ien
 en is nei hûs en nei har man ta gien
 en hat him wat jim fan my heard ha, sein.
- 840 Wês wis, hy wie dêroer sa tig' optein,
 dat my 't net mooglik is dat te beskriuwen.
 Wêrom noch langer by dy saak te bliuwen?
 Arvéragus en frou yn 't houliksjok
 libben no fierder yn it hechter lok.
- 845 Nea wie der twaspjalt wer yn harren minne.
 Hy koest're har as wie hja keninginne.
 Hja bleau him trou yn alle tiid en tijen.
 Oer dy twa minsken sil 'k dus fierder swije.
 Aurélius dy't syn jild kwytrekke wie,

- 850 flokte de dei wêrop't er berne wie.
Hy sei: "Dat ik ûnthiet – hoe'n domme fout! –
wol tûzen pûn te jaan oan suver goud
oan dy wiisgear! Wat moat ik? Al wat 'k sjoch
is dat ik oan reapsein bin troch 't bedroch.
- 855 Myn erfenis moat ik ferkeapj' út need
en bidd'lje.'k Kin net bliuwe op dit steed.
Hiel myn famylje hjir soe skande lije,
of 'k moat fan him in grutter geunst noch krije.
'k Besykje ta 't kredyt him oer te heljen
- 860 op fêste dagen elts jier te beteljen.
Ik tankje 'm as 'k dy grutte gollens krige.
Ik hâld myn earewurd, ik wol net lige."
Mei somber herte rûn er nei syn kiste
en brocht de filosoof – sa't ik it giste –
- 865 de wearde fan fiifhûndert pûn, mei 't pleit
en smeekjend' oprop ta barmhertichheid
en gun him tiid fan útstel foar 't restant.
Hy sei: "Master, 'k beromje my astant,
nea haw ik skeind myn earewurd oant no.
- 870 'k Betelje sikerwier myn skuld oan jo,
al soe ik dêrtroch twongen wêze kinne
as bidder yn myn bleate himd te rinnen.
En master, gunne jo my op garânsje
twa jier of trije foar in surseânse,
- 875 dan komt it goed. Mar sûnder jo respyt
moat ik myn erf ferkeapj' en alles kwyt.
De filosoof joech earnestich him beskie
en sei, doe't er dat pleitsjen oanheard hie:
"Haw ik 't akkoart net holden tsjinoer dy?"
- 880 "Jawis, yn wierheid en yn trou", sei hy.
"En hast net, sasto woest, dyn dame hân?"
"Nee, nee", antwurde hy mei tryst gekroan.
"Hoe kaam dat dan? Fertel my hoe en wat!"
Aurelius begûn syn stoarje fuort
- 885 en die him 't ferhaal jim krekt ferteld.
En dêrom hoecht it hjir net wer fermeld.
Hy sei: "Arvéragus mei 't nommel hert
woe leaver stjerre yn ellind' en smert
as dat syn frou ûntrou waard oan har eed."
- 890 Hy sei him alles fan Dorigens leed,
Hoe't libjen as ferkearde frou har tsjinstie
en dat hja leaver noch 't libben ferlern hie.
Hja hie har earewurd yn ûnskuld jûn:
want hja hie nea dêrfoar heard fan getsjoen,
- 895 sadat ik om har djip begrutsjen droech.
En likegoed as hy oan my har joech,
stjoerd' ik har wer nei him retoer.
Dat 's alles en mear sis ik dêr net oer."
De wiisgear and're: "Leave broer, eltsien

- 900 fan jim hat d' oar in nomm'le woldied dien.
 Do bist in jonker, hy in ridder, mar
 as God syn sill'ge macht him nimt foar kar,
 kin ek in leard'⁶⁰ in nomm'le died dwaan, wis,
- 905 sa goed as elts fan jimme, sûnder mis!
 Mynhear, 'k befrij dy fan dy tûzen pûn,
 As wiesto niissakrekt krûpt út 'e grûn
 en hiest nea earder kunde hân oan my.
 Mynhear, ik nim gjin sint sels oan fan dy
 foar al myn arbeid en myn tsjoendersfak.
- 910 Do hast my goed jild jûn foar myn gerak.
 Dat is genôch. Farwol. Ik sis: Goendei!"
 Hy seale 't hynder en gong fuort op wei.
 Hearen, ien fraach; 'k wol 't antwurd graach fernimme.⁶¹
 Wa fan dy trije wie 't royaalst, tinkt jimme?
- 915 Fertel 't my, ear't wy fierder gean', mei-ien.
 Ik sis net mear, want myn ferhaal is dien.



⁶⁰ De ik-figuer as learde; hy bedoelt himsels.

⁶¹ *It Teltsje fan de Heareboer* einiget hoflik troch in fraach te stellen foar fierdere diskusje. Sa'n lêste, ôfslutende fraach oan de ein fan in ferhaal (of in ôflevering fan in ferfolchferhaal) is in wenstige keunstgreep.